



# Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

---

JIERGONG LIX nûmer 2

juni 2010

ISSN 0166-6029

---

## *Oertinking*

*De swalker op 's Hearen wegen,  
Him te folgjen wie myn sin;  
Ik tocht dat ik syn paad fûn hie.  
Doe kaam ik de boarger tsjin.*

*Hy wiisde my de wei  
Fan de earlike daaglikshied,  
Wer 't men rêstich syn plicht docht,  
Sûnder hertstocht syn dagen slyt.*

*Dy wei ha 'k doe mar keazen,  
De brede, dy fan 't gemak.  
Op tiid ite en drinke,  
Iepen hurd ûnder 't eigen dak.*

*En soms mei Nescio dwepe,  
- God, wat ôfgrysluk banaal ! -  
Fytsend Op Sneintemiddei  
Bylâns it Stieltjeskanaal.*

*Geecke Sybesma*

---

Samlers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG Waskemar; digitale kopij, [abma.g@wanadoo.nl](mailto:abma.g@wanadoo.nl) Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tsjearisma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, [abma.g@wanadoo.nl](mailto:abma.g@wanadoo.nl), Plantage Doklaan 13, 1018 CM Amsterdam. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. Lyts Frisia €7,50, inkeld LF €5.00. Giro 1069535 op namme fan Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H.Haisma-strjitte 26, 9251 AV Burgum.

---

Diz' kear gjin earder publisearde fers op de foarside mar nij wurk. Wolkom. Om ek wat omtinken oan maitiid en simmer te jaan, in priuwke fan âlder dichtsjen, te witten it earste en fyfde kûplet ( omstaverre ) út Fedde Schurers Ierdeljocht', yn de bondel Utflecht:

*Ik kin 't net keare, dat de floed  
Fan sinnepracht myn hert berint,  
En dat myn jong en bûnzjend bloed  
De moaie ierde fûl bemint,  
Dat hiel de rike, wûndre wrâld  
My finzen hâldt -.*

( ... )

*In ljurk, dy't yn 'e súv're moarn  
De lege lânen efterlit,  
Dy't, dronken fan syn eigen toan,  
Oars net as silv'ren blidens wit,  
En as syn liet nei de ein ta rint  
Al wer begjint;*

Yn dit nûmer net inkeld blier en tagonklik wurk as dit dichtsjen. Behalve de sketsen fan de fêste meiwurkers dy't, elk op eigen wize, heale en hele autoriteiten neimjitte en oanfiterje op suverens en konsekwinsje yn bestjoerlik taalgebrûk, oare bydragen. Mei in ferhaaltsje. Wytse de Boer bringt en hellet Lyts Frisia oer de grinzen. Fier. Om de sfear en de rook fan de fiere komôf, is it stik yn syn hiele hear en fear litten sa't it ynlevere is Sawol de nuveraardige stavering fan it Frysk as de taal fan it Afrikaansk. Ek in ferhaaltsje sit by it yn snipers neamde oardiel oer it Frysk as straf fan God en de dissertaasje fan in net alhiel ûnbekende Fries om utens hjiroer. Wy neame it om it nuveraardige mar ek om sjen te litten hoe't Fryslân bûten de eigen streek nei foaren komt.

Volzin, in twa wykliks blêd blêd oer geast, godtsjinst ensfh., jout yn in nû. fan 14 maaie, mear oer profetes Lhyza, alias Sonja de Vries, út Aldehoarne. Twahûndert folgers. Friezen binne werynkarnearde sielen dy't twatûzen jier ferlyn Jezus net erkenne woene en oant op hjoed dêrfoar straft wurde mei it Frysk. Yn snipers ek omtinken oan it stedsjers, in taalmingel fan Hollânsk en Frysk. Watfor plak en status tinke wy dit middenmank Fryske aktiviteiten ta. Net liker as geane foar guoddens, sels stedsjers út soarte, it stedsjers en it Frysk lyk op, seit it iene likefolle as it oare. Wolle wy dy kant út?

It nijs fan it Ald Selskip oer it Frysk foarlêzen oan pjutten mei grif sûnder flekje of ferhaaltsje hjitte. Fan elemintêr belang, wurkjen oan de basis, fan de boaium ôf op.

*De einredaksje*

---

---

## Us eigen taal (2)

### Utgongspunten foar in Fryske taalstandert (1)

Wol it Frysk in noch mear folwoeksen taal wurde en yntinsyf brûkt wurde yn gâns maatskiplike domein, dan sil der better standerdisearre wurde moatte. As men bygelyks yn it wurdboek F-N (1984) it lemma (stekwurd) *rjocht* opsiket, dan fynt men ek *rjucht*. Beide farianten falle dus blykber binnen de *noarm fan it Frysk*. Foar in standert is dat út soarte net sa handich, want jo kinne beide foarms ('foarmen?') ornaris net tagelyk brûke yn in tekst. Jo moatte almeast kieze. As jo dan by *rjucht* allinnich ('allinne?') in ferwizing nei *rjocht* fine en by dat lêste wurd de fierdere ynformaasje, dan hawwe de gearstalders fan it wurdboek dêr grif in (goede) reden foar hân<sup>1</sup> Myn foarkar giet dan út nei de foarm *rjocht*. Ik soe allinnich dat wurd yn de *standert* hawwe wolle. Myn kar dêrfoar wurdt sterker as *rjocht* yn wurdboek N-F as earste fariant neamd wurdt. Beide boarnen binne spitigernôch net altiten mei-inoar yn it lyk.

Us Fryske oerheid (Provinsjale en Deputearre Steaten) soe neffens my dat standerdisearringsproses (mei) stjoere moatte en de taalstandert fêststelle, lykas dat yn de foarige ieu ek dien is mei de Fryske (Steate-)stavering. It soe foar it **ûnderwiis** in grutte stipe wêze om op dat stik ta konsistintere en konsekwintere **learmiddels** te kommen. En foar it Frysk by de oerheid, it *rjocht*<sup>2</sup> en de media soe dat ek mear dúdlikens jaan. As men wurden en útdrukkings (wêrom mij ik *útdrukkingen*?) gauris yn deselde foarm tsjinkomt, bliuwe dy better yn it ûnthâld by de minsken hingjen en kin men dy ek flotter en mei minder twivel tapasse.

Al wer gâns wat jierren lyn haw ik, mei help fan twa frisisten, in stikmannich útgongspunten foar in Fryske standert formulearre. Dy soene troch 'de polityk' bekrêftige wurde moatte. Ik neam yn dit stikje de earste fjouwer. Oare útgongspunten komme letter op it rabat.

1. Wat *Nijfrysk* is, is te finen yn de skriftlike boarnen *fan 1800 ôf* (wêrom net *fanôf 1800?*).

2. De skriftlike foarm fan dat Frysk falt ûnder *de noarm fan it Frysk* as dy opnommen is yn it sammelmateriaal fan de Fryske Akademy of dêryn opnommen wurde sil, bygelyks omdat dy foarm yn de folkstaal libbet, as in geve en akseptabele foarm beskôge wurdt en oant dan ta net opmurken is troch de leksikografen fan de wurdboekstêf.

3. De *noarm fan it Standertfrysk* wurdt helle út WB-F-N (1984) en N-F (1985) en oanfoljende wurdlisten en wurdboeken fan de Fryske Akademy (bygelyks dy foar frjemde wurden, offisjeel ferkear, it *rjocht* of oare fakgebieten). Foar tiidwurden en de foarnaamste regels foar de folchoarder fan tiidwurden (syn-

---

<sup>1</sup>Dat is ek it gefal yn it nije, ferklearjende *Frysk Hânwurdboek* (F-F) fan P. Duijff, Fr. van der Kuip e.o., Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk, 2008. Sykje ek ris by oare yngongen (lemmata), bgl. by 'east' en 'oast'.

<sup>2</sup>Wy moatte der tige wiis mei wêze dat der hjoed-de-dei in *juridysk* wurdboek is: P. Duijff, *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries, met een index Fries/Nederlands*, Groningen/Ljouwert/Leeuwarden: Martinus Nijhoff/Fryske Akademy, 2000

---

taksisregels) wurdt dy noarm helle út *Tiidwurden* (Afûk)<sup>3</sup>. De mear spesifike syntaksisregels komme út oare fakliteratuer (bgl. grammatika's). De nije grammatika fan Popkema is fandat in grutte oanwinst.<sup>4</sup> As *standertfoarm* foar de tiidwurden jildt de foarkarsfoarm dy't yn *Tiidwurden* (ferl. s. 34-69) oanjûn wurdt.

4. Njonken gâns gongbere Fryske wurden komme yn 'e skreaune taal dúdlike ynterferinsjegefallen (almeast *hollânismen*) foar mei deselde betsjutting. Yn sokke gefallen is de *Fryskeigen* foarm as regel de standertnoarm. Dy *standertnoarm* is faak al te finen yn WB-F-N, omdat de ynterferinsjefoarm net opnommen is: sa is bygelyks *beskút* net opnommen en *bak* wol.<sup>5</sup>

As de ynterferinsjefoarm al opnommen is, ferwiist dy foarm almeast allinnich nei de Fryske(re) fariant: sa wurdt bygelyks by *oait* ferwiisd nei *ea* (en by *ea* stiet: 'Ook *oait*'). By *ea* is dan de ynhâld fan it artikel te finen. *Ea* is no de standertfariant.

In oare kear mear oer de taal*standert* dy't ik bepleitsje.

Sytze T. Hiemstra

---

## Lyts Ferslach út Súd-Afrika

*In stik of wat jierren ferlyn hiene wy in stikmannich Afrikaners op besite en yn 'e tûn in baarchje oan it spit.*

*Afrikaners sykje lyk as Amerikaners en oare emigranten faak harren 'roots' yn de âlde wrâld. Sadwaande kaam it praat ek op de Friezen.*

*No is Súd-Afrika slim Christlik, de Afrikaners foaral Calvinistys. Hjir yn in âlder diel fan Pretoria der't wy wenje, bygelyks, binne yn in gebied fan fjouwer by fjouwer kilometer oer de fiifentweintich tsjerken Jo kinne it sa gek net betinke of der is hjir in tsjerke (fan Nederduits Gereformeed (3), Baptisten, Sewendedag Adventisten, Volle Evangelielkerk van God, Apostoliese Geloofs-Sending (twa: Ou en Nuwe) en neam mar op. Sels ien Roomse Tsjerke. Ek twa strang Gereformeerde Nederlânse tsjerken, artikel 31, leau'k (jierren lyn splitte fanwege in nuver gefaltsje, mar dat kin de bêste oer komme).*

Wytze de Boer

De grutste tsjerke yn SA is de swarte Zionist Christian Church (ZCC) der't elk jier mei Peaske en

Krystiid twa miljoen leden by de berg Moria yn Noord Transvaal (nije namme Limpopo) by mekoar komme. Ik wie ek in kear by in fergadering fan Swarte boeren. Der waard ek iepene

<sup>3</sup>Eisma, D. en J. Popkema, *Tiidwurden*. Ljouwert: Afûk, 2002 (of letter)

<sup>4</sup>J. Popkema, *Grammatica Fries. De regels van het Fries*. Utrecht: Prisma, 2006 (378 siden)

<sup>5</sup>It stekwurd 'beskút' wurdt yn it nije *Hânwurdbboek* (2008) markearre mei in (H) fan *hollânisme* en dêr wurdt ferwiisd nei *bak*. By *bak* stiet de omskriuwing of ferklearring.

mei gebed.

De measte Swarten, ek dy fan de ZCC, dogge lykwols oan foarâlderferering mei in ferskaat fan rituelen: By in trouen of as der ien deagiet wurdt der in bolle of in bok slachte, meastal neidat de sanmgoma de dolossen smiten hat. Dy sangomas hawwe in protte macht, mar dat is in oar ferhaal.

Dan ha wy hjir noch Grieken, Chinezen, Hindoes, Joaden en net te ferjitten de Moslims. Jim snappe wol, dat dit net in lân fan kabaret, en soks sawat is. Je traapje samar op ien syn teannen. Oan de oare kant kinne jo yn Súd-Afrika hast alles sizze, sa lang jo net minsken ta geweld oantrúnje en om mei bommen te smiten. Yn dy sin is SA ien fan de frijste lânnen en hat dit altiten west! Skelle en raze kinne se hjir wol.

Ik wit net of it fan de ûnsekere tiid en tastân hjir op it heden en de soarglike takomst komt, mar it liket wol dat godstsjinstige uterings slimmer wurde. It is in epidemy sei immen. In Ingelssprekkende jierapelboer út Natal krych okkerdeis oer de ûnderttûtzend mânljue bymekoar om syn boadskip te bringen.

No't ik it foarige oerlêz moat ik de saak al wat yn perspektyf sette. De measte Súd-Afrikaners sjugge leaver rugby en braaije Sneins leaver as dat se nei't tsjerke geane. Oer Chinezen en Moslims en sa kin ik net oardiele mar ûnder de oaren is it tal tsjerkegongers folle minder as, siz mar, fyftich jier lyn. Mar hast alleman trout yn tsjerke en lit harren bêrn dope. Der bliuwt it faak by.

Doe't it by dy braai (yn alle âlve talen hjir it wurd foar barbecue) oer de Friezen gong flapte myn frou der út (ik

ha in saak hâwn en ha leerd om my op tiid yn te hâlden) dat de Friezen yn it algemien nea botte Christlik wiene en foar in part nea bekeard binne.

Dit wie nogal in skok en joech oanlieding ta in fraach op in Internet-geselslys (is Afrikaans foar it Hollânse 'chatline').

Ik ha nogal wiidweidich antwurd jown en lit it hjir folgje.

Faaks is de achte lêzer it net hielendal mei alles iens (dan hear ik it graach, myn eameladres stiet oan it ein), mar ik ha earne al lêzen dat de kronykskriuwers fan de Midsieuwen skreaunen dat fan all folken de Friezen it moeilikste te bekearen wiene.

### **Hjir is it Afrikaanse stik:**

Kobus skryf, na aanleiding van die o'tjebraai :

Miskien die interessantste brokkie inligting van die aand is dat die Friese danksy hulle weerstand (hulle het Bonifacius se keel afgesny!) nooit heeltemal gekersten is nie. Miskien kan Wytze ons meer vertel.

My vrou het hierdie stukkje Friese waarheid op die gaste losgelaat. Sy sê: Jy moet dit maar beantwoord.

Ek het 'n hele ruk gelede al begin om 'n artikel te skryf oor Friese en Afrikaners, beide minderheidsvolke wat (nog) steeds oorleef. Die een die met oudste en die ander een met die jongste eie taal. Hulle het sekere eienskappe gemeen, maar verskil in ander opsigte baie. ?Gemeenskaplike kenmerke (ten opsigte van ander volke, veral Hollanders):?hardkoppigheid, prinsipiëel, 'n sterk vryheidsgevoel en 'n, in wese, nie-materialistiese lewenshouding. Die groot verskille kan die



beste afgebeeld word as: suiwel en vleis.?Later meer daaroor.

Nadat Karel Martel die Friese in 734 verslaan en, soos gebruikelik, leeggeroof het, het (in die woorde van Van Jaarsveld se geskiedenisboek, soos dit destyds aan my seun op hoërskool geleer is) " 'n bende Friese" in 754 die sendeling Bonifatius vermoor. Ek dit natuurlik onmiddellik gekorrigeer in " 'n kommando Friese". My seun tevrede.

Of hy "keel afgesny" is is nie bekend nie, maar heel goed moontlik. Tenslotte is die woord "kill" woordkundig verwant met "keel". Die buurt waar hy doodgemaak is, dra steeds in Fries die naam Moarrewâld (moorde-naarswoude) wat in Hollands omgesit is in die liefliker klinkende "Murmerwoude".

Omdat "trots" deesdae 'n politiek-inkorrekte gevoel is, kan mens die Friese se gevoel oor die gebeurtenis die beste uitdruk as: Die Friese voel nie skuldig daar oor nie.

Oor die kerstening die volgende:

'n Gedeelte van die Friese is inderdaad nooit gekersten nie. Baie faktore het daarmee te doen, onder meer 'n sekere verdraagsaamheid van Friese ten opsigte van mekaar, die genoemde koppigheid (prinsipiël wees) ten opsigte van homself en 'n vryheidsgevoel (ook van denke) teenoor vreemdes.

Na die Beeldestorm teen die Roomse kerk (1566), byvoorbeeld, het daar in Friesland deur die eeue heen 'n paar dorpe altyd Rooms gebly en is hulle steeds toegelaat om hulle geloof te bely.

Omgewingsfaktore het ook 'n rol gespeel. Die Noord-Ooste van Friesland, waar hulle Bonifatius en sy soldate gepak het, is die Friese

Woude (waar die Suid-Afrikaanse Van der Walts vandaan kom), wat veen- en heide-agtig is en derhalwe deur vreemdes moeilik bereikbaar was. Die naam "Heiden" stam af van "heide", die gebiede waar die moeilik-bekeerbares gewoon het. Dieselfde geld vir die laagliggende Noorde en Weste, waar die grond gereeld oorspoel is deur die see en dus ook moeilik bereikbaar.

Aan die ander kant blyk die prinsipiële lewenshouding uit die welbekeerdes, wat deurgaans baie prinsipiël is, soos die Gereformeerdes. Die stigter van die Gereformeerde kerk in Suid-Afrika was, soos bekend, die Fries Dirk Postma.

Die Friese Rooms-katolieke is ook Roomser as die Katolieke in die res van? Nederland. Was dit altans.

In die 17-de eeu het die Wederdopers (Anabaptiste) hulle sterkste aanhang in Friesland gekry, onder die naam van Mennisten (genoem na die stigter, die Fries, Menno Simonsz), later Doopsgesindes genoem.

Ook die Sosialisme en 'n ruk lank die Anargisme, het in Friesland sy sterkste en vurigste aanhangers gehad.

Daar was wel 'n tydperk, toe die baie kloosters 'n groot deel van die landerye besit het, dat die pagboere, om grond te kan huur, tot bekering gedwing is en dus ook hulle plaasvolk die kerk ingejaag het. Hierdie bekering was duidelik nogal oppervlakkig, want sedert daar statiese bygehou word, is Friesland steeds die provinsie met die hoogste persentasie onkerlikes.

Is jy voorlopig tevrede, Kobus? Kommentaar is altyd welkom.? Wytze deboer@mega.co.za

---

Bitgummole 27 augustus 2009

Oan Boargemaster/Kolleezje  
fan de gemeente Menameradiel

Tige achtbere Boargemaster/rju achtber Kolleezje,

*Ik wit net rjocht, wa't ik mei dit briefke oan moat, dat ik stjoer it jim allebeide mar ta. Dan harw ik teminsten de wissichheid, dat it teplak komt.*

*Tolve jier hie jim gemeentehûs oer ús en ús sprake hinne sjoen, doe't yn maartmoanne fan 2006 it klimaat finaal feroare. Lang om let wûn goede: op 2 april fan 't maitiid wie de doarpe-omneaming in boppeslach. Aldjiersjûne nimme wy ôfskie fan Menaldum, Engelum, en Beetgum ensa, om de oaremoarns nij begjin te meitsjen yn Menaam, Ingelum, en Bitgum, ensa. Aldjiersjûne geane wy foar it lêst yn ûneigen doarpen efter de bedsdoarren, de oaremoarns helje wy foar it earst yn ús eigen doarpen de teannen foar it ljocht.*

*Ieuwen ferlyn nei frjemde oarden ferballe, sil it folk meikoarten werom nei hûs ta, de Menamers nei Menaam ta, de Ingelumers nei Ingelum, en de Bitgumers nei Bitgum, ensa. Hongen yn 'e ballingskip ús skeanbane flagen alle kearen healstoks, tenei sille de pompeblêden -jimmes likegoed as uzes- wiuwe, kliuwe en driuwe yn 'e loft.*

*Hoewol't der gjin inkelde protokollêre behindering bestie om op nasjonale mearheidsfeestdagen ús flage fan de tsjerketuorren waaie te litten, mocht er yn dizze gemeenten allinnich mar by merken en oare ienfâldige, platte doarpsfeesten hyst wurde. Us eigen nasjonale minderheids-befrijingsdei waard deaswijd. Ik achtsje dat klear en dúdlik bewiis, dat yndertiden de hoofdplaats fier fan de doarpen ôf lei en it gemeentebestjoer fier fan de gewoane minsken ôf stie.*

*Nijjiersdei 2010 wurdt in bysûndere dei en jo/jimme kinne in formele en minsklike ferbûnens mei ús skine litte troch ús flage foar it gemeentehûs te hisen. Ien stap fierder soene de flagen op 'e tuorren wêze yn de doarpen dy't dy deis omneamd wurden binne. En as lêste stap soene se ek op 'e tuorren stean kinne fan de doarpen dy't nea ferkearde nammen hân harwwe. Dat allegearre as tekens fan ien en mien wêzen, fan bliidwêzen mei harren dy't bliid binne.*

*Der op tidigjende dat jo/jim yn gjin gefal oan de kant stean bliuwe sille,*

*Bitgummoolster achtinge,*

---

---

## KAFEE 'ROM SICHT' (13)



*Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.*

Rommert Tjeerdsma

'Do bist suver wat skiterich om 'e holle,' seit Watse, as Boate kastlein de mannen wolkom hjitten hat. Dêrby sjocht er wakker nei Fetse, dy't him wat rûngear by de stamtafel delploffte lit.

'Bist net rjocht halich?'

De oare maten wurde no ek opmerksum en sjogge benijd nei Fetse.

Fetse ferskood wat op 'e stoel, sjocht fan de iene nei de oare en seit dan suchtsjend: 'Ik bin der alhiel foarwei, ik sjoch it net mear sitten'

'In burnout,' begrypt Minne, 'ús heit hat dat ek ris hân, dy hie nearne gjin nocht mear oan, sels it ierappelskilen wie him tefolle, ek al hie er dat jierren dien, no moast ús mem dêr sels oer gear en doe'

'Ierappelskile,' falt Geart him ferachtsum yn 't wurd, 'dat mei gjin namme ha, nee, dit taast folle djipper, dat fiel ik oan myn teewetter.'

De mannen sjogge no oandachtich nei harren maat, hja wachtsje op in ferklearring, dat is dúdlik.

Fetse suchtet nochris djip en seit

dan mismoedich: 'Hja wolle Fryslân opheffe! It is net te leauwen, mar dat is nei bûten brocht troch minsken dêr't ik altyd fan tocht dat se by it folle ferstân wienen.'

'No, dan wiest dêr blykber mis mei,' seit Geart, wylst er oandachtich mei it leppeltsje yn 'e romer omtysket, wa't soks seit moat in stekje oan los wêze'

'Hielendal net,' replisearret Minne wiis, 'dy minsken hawwe gelyk. Wy moatte alles yn grutter ferbân sjen. Fryslân is lyts, Drinte en Grins ek. Set dy trije byelkoar en dan hast teminsten wat te melden. Smytst der in moai soadsje amtners út en kinst folle goedkeaper.'

Fetse giet rjochtop sitten en kriget suver wat in kleur.

'Do wist net watst seist,' tongeret er, 'gekkepraat. Dyn foarâlden moasten it ris hearre, hja soenen raar guod spuie.'

'Aldfaars erf wy weitsje oer dy,' follet Watse oan, 'witst noch wol?'

'Jimme binne allegearre sa alderwetsk as de pest,' gnoarret Minne sabeare misledige, jim ferkeare noch



---

yn 'e midsieuwen of soksawat. Skaalfergrutting is de moade, snap dat no ris in kear!

'No rêstich mar,' komt Boate yn 't fermidden, 'fret elkoar net op. Ik sil nochris ynjitte, dan kinne jim wat bekomme.'

'Do seist niis dat skaalfergrutting de moade is,' ferefttet Fetse it pe-tear nei in skoftke, as er in fikse slok bearenboarch ynnommen hat. 'Dat is no krekt ien fan myn beswieren, in moade, in goarre, oars is 't net. De praktyk wyst hast altyd út dat nei skaalfergrutsjen de boargers folle djoerder út binne as foarhinne. Mar myn aldergrutste beswier is fansels it ferdwinen fan Fryslân, ús Heitelân.'

'Oer myn lyk!' ropt Geart bluis-terich, 'as de stêd Grins hjir skielk foar master opslacht kinne wy wol yn-pakke mei ús Fryske taal en kultuer, dan is it over en uit!'

'Wat woest dêr dan oan dwaan,' gnysket Minne, 'de foarútgong kinst dochs net keare, dy giet wol troch.'

'Neamst dat foarútgong.' lêbet Geart, 'moatst noch eefkes sa trochgean heite, dan pakke wy dy by kop en kont en miterje dy op 'e str-jitte, lânferrieder datst bist!' De beide oare mannen sjogge ek as in tuorre, it liket wol as sille se oerein om Geart syn sizzen wier te meitsjen.

In momint hinget de spanning swier op en om de stamtafel, dan

sjocht Minne fan de iene nei de oare en barst út yn laitsjen, earst sunich, dan hieltyd lûder, op 't lêst slacht er him-sels mei beide fûsten op 'e knibbels fan klearre wille.

'Dêr binne jim wer moai yntrape,' skatteret er, 'wat binne jim ek in omkoalen, jo soenen josels de bûsen útskuorre'

De oare trije witte net wat hja der oan hawwe en sjogge as hawwe hja har lêste dûbeltsje ferskiten.

'Wat bedoelst dêr eins mei?' freget Fetse, wylst er driigjend oerein komt.

'Wat ik dêr mei bedoel?' freget Minne noch neihymjend, 'snapst it no noch net, ik woe jim gewoan eefkes tefiter hawwe en ik tink dat soks aardich slagge is. Fansels bin ik dêr ek fjoer en flam op tsjin dat Fryslân ferdwine soe, it moat net mâlder. Mar ik woe eefkes teste at jim wol út it goede Fryske hout snien wienen.' De manlju sjogge elkoar wat skruten oan en dan kin der in lyts glimke ôf. Al seit Watse noch al: 'do hast altyd fan dy útwrydske oanslaggen, dêrom tochten wy dat it dizze kear ek wol wer sa wêze soe.'

Minne, krekt wat bekommen, moat al wer laitsje en stekt de hân omheech om de oandacht fan Boate te lûken, dy't fuortdaliks mei iit lege blêd by de tafel komt.

'Jimme krije allegearre ien fan my foar de skrik en ik hoopje dat wy no wer freonnen binne, no proast!'

---

B.J. Postma:

## Oppookje it fjoer

*Yn de Menamer riedskommisje fan 10 desimber stie de 'Taalnota 2009' op 'e wurklist. Yn de ynspraak hie ik it oer de minne jierren 1994-2006. Tolve jier, 4382 dagen, hiene GemeenteBelangen it klimaat yn de riedseale bedoarn. Yn al dy jierren hie de FNP mar ien dei fatsoen lik sykhelje kinnen, de deis dat de hollanske wetternammen ôfskaft waarden. "De rie mei no de skea fan dy jierren wol wer ynhelje, de rie mei no de mouwen wol oprôlje, de boksen opstrûpe en yn 'e hannen flybkje. Yn it nije klimaat fan oanavesearjen past net it*

---

*'folgjend taalbelied' fan it CDA, past net it 'gjin twang' fan de FNP, past net it 'tuike-tuike oan' fan de nota. Soksoarte fan praat is tweintichste ieusk praat.'*

Njonken de foardoarren fan it gemeentehus hinget in tekst, 'openingstijden gemeentekantoor: maandag tot en met vrijdag (..)'. Lykwols hie de rie op 5 july 2007 in moasje oannommen, '(...) drage it Kolleezje op om de buordsjes by de doarren yn it nije gemeentehus Frysktalich te meitsjen'. Dat neamde ik yn de gearkomst. "It wurdt tiid, dat wy de iepeningstiden yn de eigen taal lêze kinne. Dat yn gâns gemeenten wol kin, soe us kolleezje nêst wolle? B. en w. meie bliid wêze, dat Menaam net yn Kataloanje leit. Yn dat lân kriget in winkelman in jildstraf fan €1200 as de iepeningstiden fan syn saak yn it Spaansk oan de gevel hingje." (LC 23 septimber)

It gie de PvdA te fier. Hoe fier te fier sei de wurdfierder der net by. De fraksje hie de boppeneamde moasje oars wol ûnderskreaun. Dat de partij in draaiwaarle yn 'e mûle hie, wie net bûtengewoan. De Menamer polityk is fan âlds mei de draaisykte oanhelle.

De FNP woe de taalnota yn 2011 wer op 'e wurklist hawwe, De FNP-wethâlder moast der neat fan hawwe. In 'wêrom net?' mei it bypassende 'dêrom net!' kaam it petear net oan ta. It like my oars goed ta, mar helte better soe it wêze, dat alle jierren neigien wurde soe, hoe't de taal foarútholpen wie.

Myn útstapke nei Kataloanje foel der net rjocht yn, de FNPwurdfierder spuide raar guod. Ik hie de moardners dêrjins net yn it spul behelje mocht, bom en pistol koe it hjir wol sûnder. De man wie net op 'e hichte. De ETA is fan de Basken, net fan de Katalanen. Der is wol in partij, de Esquerra Republicana de Catalunya, dy't op ûnôfhinklikens ta wol, mar dy haldt him

fatsoenlik. En by in referindum ûnder 700.000 kiezers woene mear as 197.000 fan de 210.000 opkommen stimmers wol los fan Spanje. Foar de hiele 'Naasje Kataloanje' kaam dat del op krapoan 2 miljoen. (LC 14desimber) Oft de Menamer FNP dêr it wetter fan om 'e tosken rûn?.

De FNP bleau by syn 'gjin taaltwang', en dat sûnder taljochting. Mei dy lichte - fansels lichte - taaltwang hie de fraksje in bydrage levere ta syn Frysk-nasjonale profyl, dêrsûnder bleau er plat op 't gat sitten en rûn er lykop mei oare partijen.

Wêrom soe in kandidaatboargemaster net warskoge wurde, dat yn it amt fan him mear ferge wurdt as ús te ferstean, dat er binnen twa jier ús taal praat en skriuwt. En wêrom soe datselde net jilde foar kandidaatwethâlder en -amtner? Al yn it lêst fan de tachtiger jierren hie de CDAfraksjefoarsitter yn de Ferwerter rie it oer 'Frysk-funksje-eask'. Hy wist wol dat de rie der noch net oan ta wie, mar wy binne no al wer mear as 20 jier fierder yn de tiid.

In gemeentehus is in spearpunt foar taalbelied, woe yndertiden de deputearre frou Liemburg hawwe. De lettere deputearre Mulder neamde itselde wurd 'spearpunt' yn syn 'Nota Frysk Taalbelied 2007-2010'. Menameradiel hat ferlet fan entûsjaste boargemaster en wethâlders dy't fan de gemeente sa'n spearpunt meitsje. Needsaaklik betingst dêrta is in FNP-partij dy't yn de riedseale yn kennisse foaroprint - oars net sa'n toer yn in fermidden dêr't minder witten heger oansjen jout - en dy't jimmeroan it hillige fjoer wat oppoket.

*Bitgummole, 19 desimber 2009.*

1. Fryslân kulturele haadstêd fan Jerope. "Bliuwt dat by in dream? Net as wy allegearre meiinoar de skouders derûnder sette. Tink mei en praat mei oer it reisskema 'Fryslan kulturele haadstêd'. Wêr: Natoermuseum Fryslân Ljouwert. Wannear: moandei 21 septimber. (...) Mei freonlike groetnisse, Jannewytske de Vries, deputearre Kultuer."

Op 'e stelde tiid fan healwei sânem wie ik der. Earste in healoere by sa'n moderne, heechoppige, tafel omhongen en doe langer as in healoere besocht om de deputearre te ferstean. Dêrnei moast immen dy't wat op 'e lever hie, op in trijetrimetrepke stean gean eardat him de mikrofoan foarholden waard. It like my in goedkeap, licht, wippelich, húshâldtrepke ta, merk Blokker. Der op steande, soe ik my nearne oan beethâlde kinne, it Konsumintebûn hie it fuort ôfkard. Sadaande bin ik op 'e bus fan goed acht oere stapt en wie ik om healwei njoggenen hinne wer thús, treddel oere ferskiten. Hie ús deputearre in fatsoenlike ferheging besteld, dan hie 'k sizze wollen:

Myn útnoeging gie oer ús lân as kulturele haadstêd fan Jerope. Kultuer is earst en meast taal. Wy binne ientalich hikke en tein, mar op skoalle binne wy twatalich makke. Gâns ientalige ynkomelingen binne ientalich bleaun, dy woene net ynboargerje, net yntegrearje yn ús talemien-skip. Mannich boargemasterskandidaat soe Frysk/Leechsak-sysk/Biltsk leare, mar hie de Majesteit de hân set, dan wie it fuort alwer út mei de taalleafde.

Taal is de spegel fan de siele. (Seneca) Taal kin it yn it libben net sûnder. Salang't net alle minsken Frysk prate, jouwe talen spul en skeel. Medvedev is lilck op Joestsjenko fanwegens de ûnderdrukking fan de Russysktalige minderheid yn de Oekraïne, Boedapest hat spul mei Bratislawa út reden fan de ûnderdrukking fan de Hongaarske taal minderheid yn Slowakije. En neffens guon is hjir ek sprake fan taal'repressie' en ferdrukking. Yn sa'n klimaat fan dnferdraachsumens wurdt 2018 it jier fan de ientaligen en binne wy deropta.

It mei wol wat oars. 'Seid einig, einig, einig,' soe Schiller syn oprop wêze. Yndertiden hat boargemaster mr. Byl yn Stiens gauris sein: 'Tink der om, tsjininoar kinne wy neat, mei-inoar alles.' Ientaligen dy't de steatsgrins oergeane, leare de nije taal en yntegrearje yn de nije mienskip. Ientaligen dy't is provinsjegrins oer komme, soene ek wol sa meie: Frysk/Leechsaksysk/Biltsk leare en dan yn is talemien-skip ynboargerje. Wy soene mei-inoar en ienriedich oan kultureel Jerope bydrage.

Mei wierliken twatalige, Frysk/Leechsaksysk/Biltsk pratende en skriuwend, kommissaris, wetterskipsgreve, boargemasters, rjochters, dûmnys, doktorandussen, ûnderwizers, krantelju, ensamear yn Fryslân, soe Nederlân in foarbyld wêze foar de Oekraïne mei syn Russen, foar Slowakije mei syn Hongaren, foar Frankryk mei syn Bretons, foar hiel Jerope. Allegearre ûnmooglik? 'Neat is ûnmooglik!' (LC 19 septimber) De wei nei de kulturele haadstêd leit iepen!

De adressen fan Afûk, Schrieversronte en Ons Bildt steane yn it telefoanboek.

- 
2. Lêzersbrief. Trije dagen nei it museumaventoer lei dy tekst mei in ynliedende sin by de Ljouwerter. Dêr gie de kranteman Willems oer de opinyside mei de ynstjoerde stikken. W. hie yndertiden tasein dat in brieveskriuwer berjocht krije soe, as him dy syn tekst net sinnige. Yn myn gefal gie de 9-de oktober foarby, sûnder dat it stik opnommen wie en sûnder dat er my 'it wêrom' te witten dien hie. It wie net botte foarnaam.

W. stiet ûnder ús Frysk wat oars as ûnder syn hollansk, tinkt my. Faaks hie de Doelestrjitteman J.H.P. Vander Vaart ek al ûnderfûn, dat W. minder mei ús taal as mei synt ophie, en dat er, tegearre mei Sisca Vierstra, dêrom de 'Mondige burgers' yn it hollânsk skreau.(LC 28 septimber)

Myn, boppesteand, lêzersbrief foldie krekt oan in pear kritearia fan de Jeropeeske Uny: passe yn de Jeropeeske diminsje en net omgean bûten de ynwenners. (D.S.-'Strategy fan it programme Kulturele Haadstêd' side 7) De krante kin út 'e romte fan ynstjoerde stikken tarre. By it hifkjen en skiftsjen is ien fan de kritearia, dat in brief fan in 'minderskriuwer' –dy't nea noch net of fan en ta in tekst ynstjoerd hie –foargiet by ien fan in 'mearskriuwer' dy't him geregeldwei oppenearret. Mar dêr hat men fansels net folle oan, want wat is 'geregeldwei'? In kear yn de moanne?, inkear yn it fearnsjier?, in kear yn it healjier? En mei hoefolle lêzersbrieven it jier is it kwotum fol?

3. Stryk yn it laad. Taal/kultuerbefoarding kostet ien en oar, mar dy bringt ek jild yn it laadsje. Twa foarbylden:

(a) De provinsje Grinzerlân stjoert 44 amtners op taalkursus. Tsien lessen fan elk mis twa oeren komme net allinnich de kennisse fan it Grinzerlânsk te'n goede, mar se fersterkje ek it provinsjale stribjen nei de Jeropeeske erkenning fan 'e taal. En dy erkenning út Brussel wei leveret sinten op en taalbeskerming. (LC 29 septimber,3 oktober)

(b) Yn 2008 wie Liverpool de kulturele haadstêd fan Jerope. Dat jiers kaam der folle mear folk op 'e stêd tasetten as oare jierren, 2008 smiet goed 800 miljoen euro op. (de al neamde D.S.-nota, side 6) Us Jannewytske sil foar it feest fan 2018 1.2 miljoen op it kleed lizze - De Haach in 100 miljoen -, in djoer lot yn de lotterij mei mar ien priis. Mar, sa woe deputearre hawwe, de sinten binne gjin weismiten jild as wy der raar by troch reitsje soene. Yn dat gefal komme se ússels likegoed te'n goede.

*Bitgummole*

---

## Snipers

*Korr:* yn it foarige nûmer is by it stik fan Ph. Breuker weifallen dat it út 'Skanoo', it blêd foar studinten-Frysk yn Grins, oernommen wie.

*striid tusken taal en dialekt foarby?*

Op 20 maart is yn Grins de earste dei fan de *Grunniger Toal* holden. Dêr hjit de eigen sprake dus al 'taal'. Se hawwe it oan de oare kant Lauwers altyd goed bedoeld en al heelwat wurk fan betsjutting, bgl. bibelske teksten, yn dizze 'taal' oerbrocht; fangefolgen sil de nije oantsjutting guoddens grif deugd dwaan.

It bisdom Roermond docht it by gelegenheid fan it 450-jierrich bestean oars. Dar hat yn maart in boek mei bydragen fan 75 skriuwers yn Limburchske dialekten útjûn, út alle parten, dielen, hoeken en gatten, rûnom wei, mei de titel *D'r Hergod versjteet och plat*. Yn Tilburch giet it lykop: de stifting 'Tilburgse Taol' begjint mei in oplieding yn dit 'dialekt', seit it berjocht. Wat ha wy earder net wakker lein en striden om de status fan *taal* tsjinoer dy fan dialekt foar it Frysk te befjochtsjen. Is dy yntusken bylein want op syn Hegeliaansk nei heger plan brocht en oerwûn yn de sintese? It Grinslânsk mei kenlik net foar plat trochgean, oars as it Limburchsk, it Tilburchsk en bgl. It Plat-Dútsk. Fariaasje by út soad. Mar hoe't se it hjitte ( sels of in oar ): taal, plat of dialekt, se binne allegearre ûnfergelykber mei it Frysk ( sj. ûnder ).

Sa it Hollânske *Taalpost*, trije kear wyks per e-mail omstjoerd oan wa't gad- ing makket. Dêr ek it berjocht fan it medium Sonja ( begjin maaie ): 'Het Fries is een straf van God.' Boarne it blêd 'Raarmaarwaar' fan de sekte yn Aldehoarne. L.G. Jânsma, yndie deselde as earder fan de FA, komt meikoarten mei in publikaasje oer har en har sekte. Der moat by sein, de werjefte doocht net alhiel. Net it Frysk is neffens it blêd in straffe, mar it Fries wêzen. Nammentlik troch de ôfsûndering dêr't de taal ús yn telâne bringt.

Deselde rubryk brocht op 15 maart it berjocht út de *Leeuwarder Courant* dat 'yn Fryslân kampanje fierd wurdt foar it rjocht op Frysk praten by de toske- dokter'. Soks docht men fansels net samar, bgl. foar in dialekt, plat of net. Dêr moat taal mei mank en anneks wêze. Mar dan nôch. As de eigen toske- dokter it ferpoft om Frysk te sprekken, kin men nei in oaren-ien ta gean. Of binne dy der net mei de nije ( besunigings op de ) soarchwet. Hoe bedarret trouwens in goe-Fries by in net Frysk prate wollende toske- dokter en oarsom, in net-Frysk prate wollende toske- dokter yn Fryslân? Of siket men earst saúnt op om in reden foar kampanje-fieren te hawwen? Fragen, fragen en gjin ein. Hat men it gjiniens oer de slimste frage fan allegear yn dit fakentiids ( pynlike ) ferbân: op de rêch, de bek wiid iepen ( plat sein ), dy man mar boarje en dan noch ( Frysk ) prate, resp. gjin Frysk prate wolle?

Yn Flandern, Dilbeke ), is it net tastien foar de telefoan Frânsk te praten; yn Spanje leare de bern Ingelsk op skoalle mar 63% ferstiet en praat it net. Wat betsjutte beide berjochten, oerset nei de Fryske situaasje?



De gearkomste fan 26 jann. l.l. by gelegenheid fan it ôfskied fan Piter de Groat - heechachte troch syn grutte kennis fan it spesifike Fryske rûntsje fan de lêste fjirtich jier sa't bliken docht yn de LC-rubryk *dwers* -, soe gean oer de takomst fan it Frysk. In tiidleas ûnderwerp, dêrom wurdt der hjir ek eefkes op yngien.

Ien fan de foarumleden, haadredakteur fan de Leeuwarder Courant, ferkundige dat er him net ferantwurdlik fiede foar it Frysk yn syn krante. Der gjin noed foar fiede. Net foar ôft, net foar hoe't it brûkt waard. It die my nij. Noch mar goed oardel generaasje tebek gou it Frysk by de haadredakteur fan de L.C., bedoeld is Jan Piebenga, suver as religy, in oanbidding. Slim genôch en grif gjin reden dêr nei werom te wollen. Mar no.

Krante is skriuwen, skriuwen is taal; dêr hat men wat mei, berikt men wat mei, teminsten dat wol men. In helpmiddel, djoer en dierber, eigener en eigensoartiger as alles wat jin fierder ienris fan bûten oanleard waard. It is hjir wol earder sein, minsken hawwe in natuerlike bining mei de taal. De boer, arbeider en fisker, winkel- en hantwurksman by âlds, kantoar-, hannelsman, stedman hjoeddedei. Helendal as de persoan yn kwestje sjoernalist of, sterker, skriuwer is. Wa't dy bining ûntkent, is net by de tiid, ek net by him- of harsels.

De taal is trouwens net allinnich foar elk op himsels, as yndividu, in wêzentlik skaaimerke, ek foar ús meielkoar dy't de taal kenne en sprekke. It jout ús de mienskiplikens, makket ús ta in groep mei in ûnderlinge bân, in kloft dy't by-elkoar heart. Ta in naasje.

Mar gjin noed, yn Fryslân is de ûntkenning by guoddens heel gewoan; sterker, dy ferheffe har derop, binne der grutsk op. De taal seit my neat.ú En naasje ha se noait fan heard.

Op deselde gearkomste wiene, behalve it foarum, ek solo-sprekkers. Fjouwer. Ik haw my besaud. Twa fan de fjouwer holden har wurdje yn it Luwadders, ûnder wa de lêste winner fan de literêre G.J.priis ( mei PdG yn de sjuery ). Ut harren optredens foel te priuwen in besef fan, wat sjakt it ús. Taal, dialekt en alles wat dêr tuskenyn sit, is ien tût-même. It makket gjin grevel út. Alles hat syn rjocht, alles syn reden en elk fan alles likefolle.

Ja, like it eins, as hiene bedoelde sprekkers it Ljouwerters sa leaf en sa heech wol.

It giet der hjir net om it iene tsjin it oare ôf te setten. Yn de fierste fierte net. Mar it Frysk hat in oare status as it Ljouwerters en wa't se as fan like belang nêst elkoar set, ferrifelt de saak, himsels it meast.

Dan is de ynset in aardichheid, in grap ( dêrom ek it ôfwaaide praat fan in Luwadder? ), net autentyk, gjin tinken, de histoarje mist, de tradysje; de ynset is net yngreven, omfiemjend, bewoartele, struktureel. Mear in ynsidint, men kin it dwaan, of litte.

Sa'n ynstelling is frjemd oan neitinken en noed, stúdzje, fergelykjen mei bgl. it Nederlânsk. Dan is it brûken mi soarch of dêrsûnder fan gjin belang en komt it allegear op itselde del.

*'Doe haw ik him op 't hinnehâlden wiisd,  
op it sammeljen fan sigels, in herbarium,' ensafh,*

dichtet G.N. Visser yn *Jolm*; yn dat rychje past it Luwadders skoan. Neat op tsjin Beöefenjen fan it Frysk is wat oars.

*g. a.*

## Foka en Fermoanje

*Yn de santiger jierren hie de âlde Foka.(Foka I) warber west. Mei busfollen ferve wiene de hollânske nammen op kom- en ferkeersbuorden oerferve. Oerheden en justysje hiene der skoof en skande fen sprutsen. Oers, de eksje hie wol fertuten dien.('Dwers', LC 30 april)*

B.J.Postma

Lêstennachts spikere in nije Foka.(Foka II) ús eask fen 'eigen taal-tsjerketaal' by in tweintich tsjerken op 'e doar. De Feanster minnisten hiene der neat mei op, dat de ryksmonumintale doar fan har Fermoanje sa skeind wurden wie troch de grutte spikergatten. (LC 24 en 26 april) Dêr begûn myn lêzersbrief mei yn de Ljouwerter fan 14 maaie. It neikommende soe as taheakke oen dat ynstjoerde stikje te lang en te drystmoedich west hawwe.

Yn syn 'Net sa'n snoade aksje' fan 30 april skreau de Dwersman de Groot, dat de lju fen Foka II 'mei har spikeraksje by de tsjerken lâns fuort de eigen glêzen yngoaid hawwe. Wat binne dat foar frjemde apostels?' No, dy apostels hiene wol earst sân slaggen om de Fermoanje makke, mar de muorren wiene net lykas dy fan Jericho samar omfallen. Syn rie te'n ein spikere it jongfolk de oanklacht doe mar op 'e doar: de tsjerke ferfrjemdet ús fan ús eigen taal. De sûnde fan de skuldige tsjerke wie tûzenkear grutter as in pear spikergatten fan Foka II, mar foar de Groot like it krekt oarsom te wêzen. En dêr koe ik net rjocht by, nammerste mear net om't er Foka I mei syn ferverskwasten wakker op it stuoltsje sette.

De tolfte maaie brocht de krante jin mear nijs, min nijs. De sneins tefoaren

wiene de jongfeinten yn de Feanster Fermoanje troch de knibbels gien: 'It hie net wêze moatten, it wie alhiel mis'. Sa sawat wie har sizzen. Fuort stie in triomfearjende tsjerkerie klear mei syn ferjouwing fan de spikerlju -it koe nei de oerwinning lije. Mar risluter aes foartiid soed er syn taalpolityk fuortsette,<sup>6</sup>) Foka II neat be-  
dijd.

Hoe kaam it jongfolk te syn feroatmoediging yn 'e Fermoanje? Hie it de Groot syn Dwers lêzen?: '(...) dat dy -de ryksmonumintale tsjerkedoar,BJP- alhiel restaurearre wurde moet, en dan ferspylje jo alle kredyt, sels by Fryske bewegers, dy't har der al fan distansjearre hawwe.'

No hie Foka I buorden oerferve/skeind. Yn de rjochtseal koe de ofsier, in Nubé, it skellen net litte, mar de fervers holden hoek, se bûgden foar ofsier noch rjochter net. De Groot skreau loovjend oer har en har bydrage ta de emansipaasje fan taal en folk. FokaII hie in doar betimmere/skeind. Faaks soene de timmerlju it stribjen nei 'eigentaal-tsjerketaal' fersterke hawwe en dan soe de Groot ek loovjend oer de fertuten- en dêrmei oer Foka II- skreaun hawwe. Spitigernôch koe de Dwersskriuwer sa lang net wachtsje. It spul liket no bedoarn te wêzen. Men kin net oars mear as wachtsje op Foka III.

Bitgummole, 16 maaie 2010.

<sup>6</sup>It tsjerke-riedslid Atsje van der Velde sei wol: 'De kerk doet haar uiterste best om de Friese taal zo veel mogelijk te gebruiken'. Mar wers glaubt wird selig.

---

Bitgummole, 21 oktober 2009,

Redaksje Ljouwerter krante  
H. Willems

Achte Willems,

Nochal wat oerheden -provinsje, wetterskip, guon gemeenten- sûndigje omraken tsjin ús lâns, doarps en wetternammen en jo krante giet likemin frijút. Ik soe my net ferfele as ik neat oars by de ein hie as kweadoggers in leksum te lêzen. Koartby hat lykwols it deistich bestjoer fan it wetterskip betterskip tasein yn in gearkomste fan it algemien bestjoer. It D.S.kolleezje sil meikoarten ek fanwegenkomme, wol ik leauwe. No jo krante noch.

Ik hie der op tidige, dat nei de oergomg Mulder-Snijder mei de demokratysk nommen nammebesluten yn steaten en rieden tekkene wurde soe, dat, bygelyks, Friesland dochs noch Fryslân wurde soe. Ik haw no wol de wissichheid, dat guon kranteskriuwers- oars mei in I.Q. fan fier oer de hûndert -nul en neat mei ús taal/ús nammen ophawwe en dy nea ofte ninter skriuwe sille. Oft dat heart ta 'fatsoenlik boargerskip' fan Sisca Vierstra en Jacob van det Vaart har ynstjoerd 'Mondige burgers'?

Ik haw fan jo wat krantepapier bewarre mei mear as in hantsjefol hollânske nammen. No is ús sprake yn de Ljouwerter wol rjochtleas, mar Dantumadiel, Feanwâlden, Koarnjum, Broekster Feart en Langwatder Wielen, ensamear, hawwe wy rjocht op. Allinnich: krantemacht giet foar folksrjocht.

Oars, mei achtinge,

Twa taheakken mei mear as tsien, al ôfskafte, nammen.

B.J.Postma

Wy fersykje ús leden en lêzers op om it lidmaatskips- of lêsjild foar 2010 oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 25, 9251 AV Burgum. Brûk allinne de skeanprinte namme en net: de ôfkoarting JFM of 'Lyts Frisia'. Yn dy gefallen kloppet de namme net mei it adres en wurdt it jild net oerskreaun! It lidmaatskipsjild is €7,50 en it lêsjild €5.

En fierders is jo kopij noch fan herten wolkom. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. It folgjende nûmer komt yn septimber út. De kopij foar dat nûmer moat ynstjoerd wurde foar 1 augustus nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Plantage Doklaan 13 1018 CM Amsterdam, E-meel: [abma.g@wanadoo.nl](mailto:abma.g@wanadoo.nl). Foar mear ynformaasje: Jan Jongsma, tel. 0511-463869.